Nei de middelbere skoalle bin ik myn dream wier meitsje gong: by de marine. Der ha ik 4 prachtich moaie jierren hân. Op Keninginnedei 30 april 1991 yn Amsterdam moete ik Gerrit. Twa jier letter gongen we samenwenjen yn Harns. Nei de marinetiid bin ik by de VBI wurkjen gong as wurkfoarberieder. Dernei as direksjesekretaresse by Stenden by de oplieding Retail en letter by de Pabo yn Ljouwert en Grins. In moaie wrâld it ûnderwiis. Ik ha noch in koart útstapke makke yn de berne-opfang en doe doch wer werom yn it ûnderwiis as officemanager by ROOBOL yn Bûtenpost. Njonken myn wurk ha ik de stúdzje beleidskunde folge. Tja, doe tocht ik, ik soe noch wolris rjochting de gemeente wolle. Zo gezegd, zo gedaan. Ik wurkje no alwer 2,5 jier mei in protte nocht en wille as bestjoerssekretaresse fan de wethâlders yn ús eigen gemeente Tytsjerksteradiel. In amtner dus.. in baan dy't elke dei wer oars is want der bart in protte yn ús gemeente.

We binne ôfrûne simmer ferhuze fan de Jister nei de Sumarreheide. It pleatske njonken it fuotbalfjild. Hjir kinne wy ús hobby fierder útwreidzje, Fryske hynders. We ha no twa, de drachtiche Jitske fan 3 jier en Mona in twa jierrige merje. Se wenje no noch op de pleats fan ús freonen yn Twizelerheide mar we hoopje dat se oan't ein fan 't jier op de heide komme. Ek ús hûnen Peke en Viljar ha it tige nei harren sin op de heide.

GEEF DE PEN DOOR **vervolg***Ingrid Hoekstra*

Jelmer wennet thús en wurket yn Leek en mei graach reizgje mei syn freondinne Julia. Der njonken docht der oan sealfuotbal by de Herauten en is der oan it hurdrinnen. Marije wennet yn Burgum en wurket by it Thomashuis yn Sumar en sy hat it smoardrok mei de hynders.

Gerrit is in sporter en mei graach fytse en reedride en thús karweikje. Hy wurket as masjine operator by Enitor yn Bûtenpost.

Ik mei graach lêze, kuierje, musea besykje, wykeintsje fuort en in lekker glês wyn drinke.

Myn libbensmotto is 'foar alles is in tiid' en sa't Els Havinga altyd seit 'it komt goed'.

Ik jou de pinne graach troch oan myn buuv fan de Dr. Prinswei, **Doetie Regnerus**.



Opgeruimd...!

Staat netjes, maar niet alleen netjes het geeft ook zoveel meer ruimte. Ik kan slecht spullen wegdoen en dat geldt niet alleen voor mij, maar ook JJ heeft moeite met het wegdoen van zijn spullen. Gelukkig zijn wij geen hoarders (duur woord voor verzamelaars), maar als er eenmaal iets in ons bezit is dan vinden wij het beiden moeilijk om datgene weg te doen. Maar het tij is gekeerd in huize Veenstra, wij zijn aan het opruimen. JJ in de schuur en ik in huis. Zo nu en dan raadplegen wij elkaar of iets echt weg moet of dat wij het nog een tweede kans geven. Ik heb met mijzelf afgesproken als ik qua kleding iets een jaar of hooguit twee jaar niet gedragen heb dan gaat het naar een goed doel, en goede doelen zijn er genoeg. De andere spullen, indien nog in goede staat, krijgen een tweede leven bij de kringloop of een liefhebber, te denken aan familieleden. Of wanneer iets nog in zeer goede staat is, dan toch proberen het te verkopen.

Opruimen, niet alleen spullen maar ook de abonnementen op krant en tijdschriften die wij hebben zet ons tot nadenken, en echt dat vinden wij nog het aller-moeilijkst. Waarom? Daar ze allemaal even leuk en interessant zijn. En dan is er nog een punt waar wij over discussiëren, de lidmaatschappen, de goede doelen die we financieel steunen, waar trekken we de grens. Tijdens het boodschappen doen sprak een jongeman op straat ons aan. Hij vroeg ons of wij wel op de hoogte waren van het feit dat er veel kindermishandeling plaats vindt, zowel fysiek al mentaal. De cijfers hierover liegen er niet om, aldus deze jongeman. Nou u voelt hem al aankomen, hij vroeg of wij deze organisatie die voor de belangen van deze kinderen opkomt, financieel wilden steunen. Wij hebben hem vriendelijk doch beslist medegedeeld dat wij al vele 'goede doelen' steunen en tevens hier ook in aan het opruimen zijn. Dat wij van mening zijn dat dit ook de verantwoordelijkheid van Den Haag is. Hij begreep dit ten eerste, wij bedankten hem voor zijn inzet hierin en wensten hem nog een fijne succesvolle dag. En toch vervolgden wij enigszins met een bezwaard gevoel onze weg. Opruimen geeft niet alleen ruimte in huis en schuur maar zeker ook in het hoofd. En ja het klopt inderdaad. Opgeruimd staat....heel netjes!



Ut it argyf fan Sumar

De ynwenners fan de Tike wiene der hielendal klear mei yn 1865. Benammen de minsken dy't op 'e Deltike wennen fielden har twadde rangs boargers. Hja wiene yn har eagen eftersteld! Dat moast oars!

De Deltike lei op it fuottenein, yn twa gemeenten: Smellingerlân en Tytsjerksteradiel. Ynsletten troch it wetter fan de Leijen, de heide en it mienskar by Sumar. Der gie net in fatsoenlik paad nei Sumar of Eastermar. It wie foar de bern hast net te dwaan om winterdeis nei skoalle te gean. Yn Smellingerlân en Tytsjerksteradiel siet men al yn oer de skoalbern: jonges en famkes dy't oan de súdkant fan de Tieke wennen koene yn Nygea nei skoalle. Bern fan de heide en de Deltike moasten nei de buorren fan Sumar of Eastermar. Dat wie in hiel ein toffelfjen en skoalgean gie dan faak oer. De gemeenten hiene it der gauris oer. Yn Sumar wie de skoalle in suterich rommeltje en ta oan ferfanging. De beide gemeenten soene beslute in nije skoalle te bouwen healwei de Tike en Sumar, oan de Hearrewei, wêr't de Tykster bern en dy fan de Sumarreheide hinne koene. Dizze skoalle waard yn 1875 iepene. Yn Sumar kaam, ek yn dat jier, in nije skoalle op it plak fan de âlde.

Mar der wie mear wat de Tyksters heech siet en dat moast mar ris op papier. Begjin maaie 1865 waard in brief opsteld, ûndertekene troch in tritichtal ynwenners. Dit skriuwen waard nei de Ried fan Tytsjerksteradiel stjoerd:

*De ondergetekenden allen
bewoners van dat gedeelte
der Tieke, het welk onder het
behoor van den dorpe
Suameer ligt, en eigenaren
van aldaar gelegene
vastigheden, nemen de
vrijheid zich bij dezen met
verschuldigden eerbied tot U
te wenden.*



Hja skriuwe dat it har opfalt dat men oeral foarspoed en wolfeart, beskaving en foarútgong sjocht, dat oeral wegen en paden oanlein wurde, mar dat de Tike fergetten wurdt! Dat men sa ôfsnien is fan maatskiplik ferkear mei de omlizzende doarpen, dat it tige dreech is om hea en dong oan te fieren en fansels is ek de hannel en oan- en ôffoer fan fee in dreech barren.

Noch folle slimmer is it dat hja de deaden allinnich mei de grutste muoite nei it tsjerkhôf bringe kinne, mar ek de reis op snein nei tsjerke is in poepetoer.

De oplossing leit yn de eagen fan de Tyksters foar de hân: *het daarstellen van eenen weg welke eene onbelemmerde passage voor personen, rijtuigen en vee aanbiedt, zoo wel naar de naburige gemeente Smellingerland als naar de dorpen Oostermeer en Suameer.*

Dy wei soe dan begjinne moatte by de skieding tusken de gemeenten Smellingerlân en Tytsjerksteradiel (de Susterwei). De earste gemeente hie al in wei oanlein oant de gemeentegrins en dêrwei soe de nije wei dan komme kinne, by de wente fan Hendrik Hiddes Tiekstra del (no is dat faaks Tikewei 1) en dan yn ien rjochte streek nei de nije 'kunstweg' fan Sumar nei Eastermar, de Lânsbuorren. Neffens de Tyksters hoegden de oankeap fan grûn en de ûnderhâldskosten gjin beswier te wêzen.

Sa'n nije wei soe de Tike foarút bringe en allinnich mar foardiel jaan. Hja hiene alle betrouwen dat sa'n 'kunst- of zandweg' der gau komme koe. Op 12 july 1865 wurdt it brief op de wurklist fan de riedsgearkomste set. De foarsitter konkludearret dat de oanlis fan de wei '*geenszins kan geacht worden van belang te zijn ontbloot*', mar dat de ferdieling fan it Sumarder mienskar fan minstens sa grut belang is. Hy advisearret de Tyksters earst sels mar ris te besykjen de wei oan te lizzen. Mocht dat net slagje dan kin men wer kontakt opnimme. De gemeente is wol fan miening dat de Tyksters sels bydrage moatte yn de oanlis- en ûnderhâldskosten.

De ‘ingezetenen van de Tieke’ jouwe net op en yn desimber 1875 -tsien jier letter!!- skriuwe hja wer in brief. Dis kear jouwe hja oan dat it skier ûnmooglik is foar de bern om, troch de minne tastân fan de paden, mei droege fuotten op skoalle te kommen (hjir wurdt de heideskoalle oan de Hearrewei bedoeld). De bern rûnen gewoanwei dwers troch de lannen oer de houtsjepaden. Sy moasten dan oer sleatten, wêr’t in smelle planke sûnder leuning oer lei en d’r wie meastentiids ek net in peal yn ‘e midden fan de sleat om har oan fêst te hâlden. D’r waard in bykommend probleem neamd: *‘dat hier bij den winter iemand sterft is het bijna onmogelijk om het lijk naar de begraafplaats te vervoeren’*. Soe de gemeente hjir wol gevoelich foar wêze?

Yn jannewaris 1877 besykje de Tyksters it foar de tredde kear. Sy helje de eardere arguminten wer oan, mar dizze kear stelle sy foar om in reed oan te lizzen fan de Tieklesleat oant de Hearrewei, dy’t útkomt by it nije skoalgebou. Dan soe fuortdaliks de wetterlossing ferbettere wurde kinne troch nije sleatten te graven. It soe ek tige wichtich en nuttich wêze wannear’t der in reed tusken de nije Tikewei en de Eastermarderwei, dwers troch it Sumarder mienskar, kaam.

D’r wie dus blykber ûndertusken al in nije Tikewei oanlein. Wy witte dat de reed nei skoalle d’r nea west hat. Wetterskip ‘de Putten’ freget yn 1926 subsydzje oan by de gemeente foar it ûnderhâld fan de wei nei en oer de Tike, dy’t troch harren sels oanlein wie. It kin hast net oars of dit is de hjoeddeistige Mienskerwei oant de Tikesleat. Kaartsjes by dy oanfraach wize út dat it earste stik fan de Mienskerwei, fan de Lânsbuorren o/m de Jelke Sjoerdsloane, Tikewei neamd wurdt en foar it part fan de Jelke Sjoerdsloane o/m de Tikesleat brûkt men de namme ‘Leemweg’.

De Tyksters ha jierren striden foar in goede ûntsluting fan de Deltike. By eintsjebeslút is it oan partikulier inisjatyf te tankjen dat dat goed kaam is.

Tere kinderziel.

Tijdens een gezellige middag in de Kamp, ons aangeboden door Dorpsbelang, vraagt zangeres Griet Wiersma of we mee willen zingen. Natuurlijk. De liedjes van vroeger staan nog op onze harde schijf. Ik ken ze nog, maar bij het Bûthúsbankje haak ik af. Van andere liedjes weet ik alleen de parodieversie die mijn vader altijd zong. Een voorbeeld: Rats, kuch en bonen dat is een soldaten diner..... wordt bij hem.....voer daar de varkens maar mee. Ik hou wijselijk mijn mond. Bij sommige liedjes die we op school leerden, krijg ik spontaan nog de rillingen. Berend Botje! Brrr. Iedere keer moeten we tot vervelends toe dát liedje zingen. Ik vraag me oprecht af wie kinderen het lied: Rôlje, rôlje wetterweagen van Eeltsje Halbertsma leert. Juist, onze meester. Man, we weten amper waar Grou ligt.

Tijdens de Godsdienst les is gezang 17 het favoriete lied van de dominee. Een roze fris ontloken, uit tere wortel kwam. Geen kind die die tekst begrijpt, laat staan dat ze het een leuk liedje vinden. Maar tijden veranderen. Moriaantje zo zwart als roet wie kent het niet? Anno 2022 kan dit kinderliedje echt niet meer. Zo langzamerhand moeten artiesten, die in verzorgingshuizen optreden, hun repertoire aanpassen. Weg met dat eeuwige karretje dat over de zandweg reed. Voor de jongere ouderen zullen de nummers van The Beatles, Rolling Stones of BZN een feest van herkenning zijn. Hoe diep liedjes in het geheugen opgeslagen zijn, bewijst een lieve oude dame van 90 die met pretoogjes voor mij het volgende versje moeiteloos opzegt:

Alde kat hie jongen krige.
 Pieter skriemde tige
 Doe 't heit ien by de âlde liet
 En de oare yn de opfeart smiet
 En de oare wyks, hoe koe it sa bryk
 Krige mem twa famkes tagelyk
 En liet Pieter him ûntglûpe
 Welke sil heit no fersûpe?

WAT WAS HET WEER OOK WEER?*Dirk Strijker*

Het weer (13 september-16 oktober)

De temperatuur komt na 13 september op een normaal tot iets te laag niveau terecht. De 20-graden wordt niet meer gehaald. Een periode met meer regen breekt aan. Op 16 september 8 mm, op 17 september 10 mm en op 18 september 12 mm regen. Op 21 en 22 september blijft het droog. Het is zonnig en door de heldere hemel koelt het 's nachts af tot een graad of 5.

Een periode met meer bewolking en dagelijks wat regen volgt. De hoeveelheden zijn niet groot, behalve op 27 september als er ruim 13 mm naar beneden komt.

De gemiddelde temperatuur in september was 14,8 graden, een fractie hoger dan de normale waarde van 14,5 gr. Er viel 111 mm neerslag, flink meer dan de normale hoeveelheid van 84 mm. De zon deed met 167 uur goed haar best en kwam daarmee ruimschoots boven de 135 uren die in september als normaal wordt beschouwd.

Oktober begint met een aardige plas water: 12 mm regen, met in de late avonds zelfs wat licht onweer. Daarna een verbetering van het weer. De neerslaghoeveelheden blijven laag, de zon komt er vrijwel dagelijks redelijk bij en de temperaturen liggen rond normaal, tot iets te hoog: overdag meest tussen de 15 en 17 graden, 's nachts tussen de 5 en 10 graden. Over het algemeen houdt de wind zich koest en dat resulteert soms in mist zoals op 13 en 14 oktober.

Of de herfst zich ook nog van de andere kant laat zien met regen, storm en hagel? Dat zien we de volgende keer wel weer.

Actueel weer in Sumar op

www.wunderground.com/dashboard/pws/IFRIESLA99

Dorpshuis 'De Kamp' presenteert

PUBQUIZ NIGHT

VOOR EEN GEZELLIGE AVOND

Zaterdag
19 November

- Inlog: €10, per team
- Deelname vanaf 16 jaar
- Max. 5 pers. per team
- Bedenk in leuke teamnaam

Inloop vanaf 19.00 uur
Start 19.30 uur M

Opgave bij Anneke van der Leest of Theo Koster

0618267330

0612879733

Vol = vol

INZAMELING VOOR DE VOEDSELBANK

Diaconie

Al vele jaren zamelt de Diaconie van Sumar voedsel en geld in, bestemd voor de Voedselbank Tytsjerksteradiel. Dit jaar is de noodzaak van deze actie wellicht belangrijker dan ooit: door stijgende energiekosten en de torenhoge inflatie kunnen velen maandelijks niet meer rondkomen. En daardoor ontstaat er stille armoede, waarvan we vaak niet weten. En bij de Voedselbank in Burgum merken ze de toenemende hulpvragen: de schappen bij het uitdeelpunt raken leger en leger. Daarom roept de Diaconie van Sumar alle dorpsgenoten op om, indien mogelijk, een steentje bij te dragen aan deze actie. En daarbij is de hoeveelheid van de inbreng niet van belang, immers: alle kleine beetjes helpen! De Diaconie houdt 2 inzamelmomenten in It Trefpunt (het gebouwtje naast de kerk):

Woensdagavond 2 november tussen 18.30 - 19.30 uur

Zondagmorgen 6 november tussen 09.00 - 09.30 uur

Bent u niet in de gelegenheid om langs te komen? Natuurlijk zijn we bereid om in de week van de inzameling bij u langs te komen. U kunt ons daarvoor bellen: 0511-464457

Wat kunt u zoal doneren? Pasta, rijst, blikgroente, blikken vlees, zuivel in pakken, koffie/thee, aardappelpuree (pak), aardappelen, chips / borrelnootjes, broodbeleg, bakolie/olijfolie, vruchtensap in pak.

Let wel op de houdbaarheidsdatum en doneer geen geopende/gebruikte verpakkingen.

Wilt u de actie financieel ondersteunen? Dat kan! Uw bijdrage kunt u in een envelop langsbrengen of overmaken op de bankrekening van de Diaconie: NL87 RABO 0362 7681 10, t.n.v. 'Voedselbankactie Najaar 2022' Ook kunt u Douwe Egberts spaarpunten inleveren. Hiervan worden pakken koffie/thee ingekocht.

Mogen we rekenen op uw steun?

"Meiinoar troch de tiid"

Wat ha jim no by d'ein?

Ids Krol

As jo hjoed de dei oer de lestwei rinne sjogge jo healweis, by de reed nei de Haarsma's in stik lân mei wat beplanting en kompostbakken. Gjinn feantsjes tûn dy't kreas omdolt binne en wêr't túch gjinn kâns krijt. Ik frege my ôf wat sy hjir by d'ein ha en om dêr achter te kommen ha ik in ôfspraak makken mei Haaije Haarsma en syn maat Arno Veenstra. Haaije -of eins syn heit- is de eigener fan it perseel en hy rûn al in hiel skoft om mei it idee om it hielendal oars oan te pakken. Arno is ekolooch. Tegearre besykje hja in 'Voedselbos' te realisearjen.

Soksoarte bosken sjogge wy hjoeddedei yn bygelyks Afrika en Azië. Dêr komt it idee wei. De Romeinen makken ek al gebrûk fan it prinsipe. Op dit stuit sitte Haaije en Arno noch yn de oanrinfase. It doel is om in soad hege beammen as iken en tamme kastanjes te plantsjen. In lyts part, ûngefear 5%, wurde fruchtbeammen en strûken. Tink oan apels, parren en beien. Dy fruchtbeammen moatte krekt fier fan inoar ôf stean: sy meie inoar net reitsje, mar moatte inoar wol bestowe kinne. It systeem makket gebrûk fan beamrijen. De beammen soargje foar sinne en skaad is. De iene plant hâldt ienris fan skaad en de oare mei leaver fol yn de sinne stean. De hege beammen leverje op den duur fansels ek hout wat jo ferkeapje kinne en ikels binne wer foer foar bygelyks barga.

Wetter is ek in fernaam aspekt: as it reint hâldt in bosk it wetter fêst en as it in skoft droech is kin men it opsleine wetter brûke. Sa meitsje jo in systeem dat himsels regelt.

De filosofy fan dizze beide pioniers is helder: hja wolle op in lyts stikje grûn sjen litte dat bioferskaat mooglik is. Hja wolle gjinn keunstdong en fergif brûke, net tinke fan de plant út, mar útgean fan de grûn. As de grûn sûn is, wurdt dy hieltyd fruchtberder en sil de opbringst ek hieltyd grutter en better wurde.

Fergif komt der net yn! Haaije en Arno wolle op den duur einen en hinnen oanskafe. Dy lizze aaien om te ferkeapjen, mar sy romje ek in soad skealik guod op. Natuerlike predaasje dus. Fierder hielendal gjinn 'ynput' fan bûten ôf: gjinn kompost, gjinn dong, gjinn wetter, gjinn gif, mar alles fan eigen lân.

Wat ha jim no by d' ein? ferfolch

Ids Krol

Hja kinne mei de oanplant fan elzebeammen bydrage oan in oplossing fan it stikstofprobleem. De woartels fan elzebeammen kinne mei help fan bakteriën stikstof bine en dat werom jaan oan de natuer as dat nedich is.

Op dit stuit sitte de hearen noch yn de opstartfase. Hjir en dêr stean kompostbakken. Der wurdt neat wei. Earst moat it proses fersneld wurde. Hja ha houtsnippers en dong struit. De moestún is om te sjen oft hja goed dwaande binne. De boerekoal stiet der kreas by, dus dat liket wol posityf. Jo moatte ek net te hurd wolle. It duorret faaks wol in jier as sân eart de grûn yn lykwicht is en der safolle groeit en plukt wurde kin dat hja de, pleatslike, merk op kinne. Nei in jier of tsien is de produksje sa heech dat it goed út kin.

In soad idealisme dus om op lytse skaal sjen te litten dat in oare oanpak, dy't hiel ticht by de natuer stiet goed útpakke kin. Natuer en lânbou hoege inoar net te biten. Moai dochs dat d'r yn Sumar yn dizze tiden socht wurdt om antwurden op drege fragen. No mar hoopje dat de gemeente der ek posityf yn stiet.



12
NOVEMBER
2022



DARTTOERNOOI

ZATERDAG 12 NOVEMBER 19:00 DORPSHUIS DE KAMP SUMAR

Inleg : 7 Euro

Geldprijzen te winnen.

Deelname vanaf 15 jaar

Opgave bij:

Henk-Jetze Koster: 06-41182082

Willem van der Leest: 06-42221412

VOETBALCOMPETITIE 2022*Froukje Jelsma*

Hierbij de voetbalcompetitie van de senioren en de junioren voor november en december.

Meer informatie is te vinden op de site van VV Suameer, houd deze dus in de gaten voor de actuele info.

4 nov.	19.30u	Suameer 35+2	Sumar
	19.30u	Suameer VR30+1	Marum
	20.00u	Suameer VR18+1	Eastermar
	20.00u	Suameer 35+1	Sumar
5 nov.	13.30u	Suameer 2 - Blue Boys 2	
	14.30u	Suameer 1 - Sweach De 1	
18 nov.	19.15u	Suameer 35+2	Eastermar
	19.30u	Suameer VR30+1	Sumar
	19.30u	Suameer VR18+1	Garyp
	19.45u	Suameer 35+1	Eastermar
19 nov.	14.30u	Suameer 1 – Surhuisterveen 1	
2 dec.	19.30u	Suameer 35+2	Sumar
	19.30u	Suameer VR30+1	Nij Beets
	19.30u	Suameer VR18+1	Opeinde
	19.30	Suameer 35+1	Sumar

3 dec.	14.30u	Suameer 1 - GSVV 1	
10 dec.	13.30u	Suameer 2 - SC Twijzel 3	



KERKDIENTEN OKTOBER IN DE DORPSKERK - SUMAR

Zondag 30 oktober 11.00 uur	Ds. A. Elverdink - Eastermar	Fryske Tsjinst
Woensdag 2 november 19.30 uur	Ds. W. Veltman – Ee	Fryske Tsjinst
Zondag 6 november	Eigen invulling kindernevendienst	Kerk-school- gezinsdienst
Zondag 13 november	Ds. H.J. de Groot - Burgum	Doopdienst
Zondag 20 november	Ds. F.F. Fink - Burgum	Laatste zondag van het kerkelijk jaar
Zondag 27 november	Ds. F.F. Fink - Burgum	1 ^e Advent

De diensten beginnen om
9.30 uur, tenzij anders aangegeven.

Alle kerkdiensten kunt u volgen via
www.kerk-sumar.nl/uitzending.
De uitzending begint 5 minuten voor
de aanvangstijd.

WEET U WELKOM !!



DIELKAST SUMAR

Diaconie

De Diaconie van Sumar plaatst een weggeefkast bij It Trefpunt (het gebouwtje naast de kerk).

Deze kast heeft de naam “Dielkast” gekregen en wordt op zondag 30 oktober om 10.30 in gebruik gesteld. Dit vindt plaats op het pleintje naast It Trefpunt. Een ieder is van harte welkom om hierbij aanwezig te zijn. Het is natuurlijk mogelijk om alvast wat mee te nemen en te plaatsen in de kast.

Wat is een Dielkast?

In de Dielkast worden spullen ingeleverd die de één over heeft, en de ander goed kan gebruiken.

Geef wat je kunt missen en neem mee wat je kunt gebruiken. Als je alleen iets wilt meenemen,

en niet geeft, is dat helemaal goed. Ook andersom natuurlijk. We doen dit met elkaar, voor elkaar!

De Dielkast werkt zo:

- Jong en oud is welkom. Alleen voor kinderen geldt alleen onder toezicht van een ouder of verzorger.
- De spullen zijn schoon en heel
- Alle spullen zijn welkom, zolang het IN de kast past
- Neem je verantwoordelijkheid en houd de kast netjes
- Het is niet de bedoeling de kast te plunderen
- Gebruik van (voedsel)producten uit de kast is op eigen verantwoording

Regels voor toiletartikelen en persoonlijke hygiëne:

- Plaats deze op de bovenste plank
- Geen aangebroken verpakkingen
- Controleer de houdbaarheidsdatum

DIELKAST SUMAR ferfolch*Diaconie****Regels voor voedselproducten:***

- Plaats deze op de middelste plank
- Alleen voedselproducten met langere houdbaarheidsdatum
- Geen aangebroken verpakkingen
- Schrijft dag en datum op de sticker als je het in de kast legt
- Geen alcohol of rookwaren

Regels voor overige producten zoals huishoudartikelen

- Plaats het op de onderste plank
- Controleer een eventuele houdbaarheidsdatum

"De Dielkast, voor Sumarders, door Sumarders"





DOARPSAGINDA



Trombosedienst en bloedprikken om de 14 dagen in De Kamp van 10.00 – 10.30 uur.

28-10,	De Kamp, Vrijdagmiddagborrel, vanaf 16.30u
31-10	De Kamp, trombosedienst en bloedprikken 10.00u
04-11	De Kamp, Bingo 20.00u / Klaverjassen 20.00u
08-11	De Kamp, Open tafel 12.00u, opgave via 06-18267330
11-11	Oud papier
12-11	De Kamp, Darttoernooi 19.30u
14-11	Kopij dorpskrant
14-11	De Kamp, trombosedienst en bloedprikken 10.00u
19-11	De Kamp, Sinterklaasfeest. 13.00u
19-11	De Kamp, Pub quiz, vanaf 19.00u inloop, aanvang 19.30u
26-11	De Kamp, concert De Lofstem, Oan 'e Swier, 20.00u
28-11	De Kamp, trombosedienst en bloedprikken 10.00u
02-12	De Kamp, Bingo 20.00u / Klaverjassen 20.00u
12-12	De Kamp, trombosedienst en bloedprikken 10.00u
13-12	De Kamp, Open tafel 12.00u, opgave via 06-18267330
16-12	Oud papier
17-12	Kerstconcert De Lofstem, meer info volgende koekoek
28-12	De Kamp, Gaatze Bosma afsluiting jaar 2022, 17.00u
31-12	Knipperij De Boek, afscheid/stoppen knipperij, 11.00-13.00u

De volgende Koekoek ligt op 29 oktober 2022 bij u in de bus



**DE VOLGENDE KOEKOEK LIGT 26
NOVEMBER BIJ U IN DE BRIEVENBUS**

BELANGRIJKE ADRESSEN EN/OF TELEFOONNUMMERS ALS ELKE SECONDE TELT: BEL ALARMNUMMER 112

HUISARTSEN

It Peldershûs spoed alle praktijken (0511) 469487
 Hamstra & De Ronde (0511) 462269
 Talsma & Hooisma (0511) 461320
 Van Keulen & Van de Vegt (0511) 461424
 H.C.A. Veldhuizen (Garyp) (0511) 521 264
 P.S. Wiersema (Eastermar) (0512) 471 221



Tijdens avond, nacht, weekend of feestdag: **Dokterswacht: (0900) 1127112**

ZIEKENHUIS

Nij Smellinghe, Compagnonsplein 1, 9202 NN Drachten, 0512-588 888
 MCL, Henri Dunantweg 2, 8934 AD Leeuwarden, 058-286 66 66
 UMCG, Hanzeplein 1, 9713 GZ, Groningen, 050-361 61 61

Kersten hulpmiddelen: Ampèrestraat 14 8912 AD Leeuwarden
 (088)-0009488

Centrum voor Jeugd en Gezin: (088) 5335333

Politie: 0900-8844 (Wijkagent: Bert Sietzema)
 Facebookaccount: wijkagent Bert Sietzema



Gem. T-diel: alg. meldings-, storings- en calamiteitennummer: 14-0511

KEaRN: (0511) 465 200 Info@kearn.nl/www.kearn.nl

Dierenartsen: A7 Noord dierenartsen -Elingsloane 18, Burgum (0511) 464060
 Nipkowlaan 17 Drachten (0512) 301444

SUMAR



Begraffenisvereniging: dlesumar@gmail.com

Ledenadm. I. Hoekstra-Dijkman –(06) 21223592 (na 18.00u)

Bode: dhr. J. Hoekstra (0511) 482444

Bode: mevr. H. van der Brug (06) 10542628

Dorpsbelang Sumar: Voorzitter dhr. Gerrit Vrijburg

Secr. Mw. Jannie Wolters, email - dorpsvereniging@sumar.nl

Onderwijs/opvang: Doarpsskoalle It Bynt (0511) 469262, itbynt@pcbottiel.nl

It Boartersplak - Kn. Wytsewei 11 (0511) 469262:It

Krobbehie - Sumarderwei 2a - dagopvang en BSO 0512-471374